

Wyn fan de winners

'Elts dy't leafhat, is in winner!'

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 960 0

1e druk: 2017

© 2017 Hilda Talsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto foar- en achterkant: Tom Coehoorn

Mei spesjale tank oan Martsje de Jong

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Wyn fan de winners

Hilda Talsma



1

‘Kinsto efkes om Hanneke tinke? Ik moat echt fuort, oars kom ik te let en ús heit en mem binne net op ’e tiid omdat de dyk ôfsetten is. Der hat in ûngelok west of sa, se hat my niis belle.’ Johanna fljocht troch de Oerwinning fan it iene plak nei it oare. Nei de badkeamer om har hier op te stekken, nei it achterûnder om de skuon oan te dwaan, nei de roef om har fest te sykjen en dan wer nei it rom om har tas en autokaaien te krijen. Se docht de kaaien yn ’e tas en krijt de beurs dy’t noch neist de kompjûter leit omdat se justerjûn rekkens betelle hat mei har pinpas. Lokkich sjocht se dat no, oars wie se der wer achterkommen as se by de kassa stie en net betelje koe. Dat is de lêste tiid ek faker as ien kear bard. Hanneke sit yn ’e tafelstoel by de tafel en Ate sit derby te krantlêzen. Johanna baalt as in stekker dat sy no wer drave en fleane moat om op tiid te kommen en hy mei in pear stappen op syn wurk is.

Ate sjocht har ris betinklik oan, mar seit neat.

‘WAT?! Wêrom sjochst sa apart nei my?’ Se stiet mei de hannen yn ’e side foar him.

‘Neat... ik bliuw hjir wol salang’t pake en beppe der noch net binne. It is wol goed, gean do mar,’ seit er saaklik, sûnder fan de krante op te sjen.

In aaklik gefoel bekrûpt har, mar se hat gjin tiid om dat no út te spreken. Se jout Hanneke in tút en krûpt har oan. ‘Hoi leave skat fan mem. Oant fannemiddei... Ferdikke, wêr binne de autokaaien no wer bleaun?’ Se sjocht om har hinne, draaft nei it oanrjocht, reaget de krante fan Ate oan ’e kant, mar se kin de kaaien net fine. Se suchtet djip en it gûlen stiet har neier as it laitsjen.

‘Yn dyn tas, Johannes.’ No sjocht er wol op fan de krante,

mar syn eagen binne net sa fleurich as oars. It is de lêste tiid krekt as is er net mear sa lokkich.

‘Ik moat no echt gean, hear! Oant fannemiddei!’

‘Wurkse, Johannes,’ seit Ate, wylst er flau nei har laket, en mei in knoop yn ’e mage giet se fuort. As se oer de planke rint sjit it har yn ’t sin dat se him net in tút jûn hat, mar se hat eins gjin tiid om dat noch te dwaan. Hie er krekt net sa achterlik dien dan miskien wol, mar no net! As it sa moat! Se draaft oer it terrein fan de werf nei de auto en mei in gong as in kûgel rydt se fuort. Mar se moat ek as de bliksem wer mei de fuotten op ’e rem stean want se hie dy ferrekte fytser net sjoen dy’t fan rjochts komt en foarrang hat.

‘Dy kutfytsers ek altyd,’ seit se yn harsels, mar dêr baalt se ek drekt wer fan. Se is op ’t heden sa opsternaat en wol alles en eltsenien wol oan ’e kant reagje dy’t har yn ’t paad sit. Har geduld is fier te sykjen en har sosjale fermogens ek. Lokkich wurdt dat altyd better as se de doar fan de praktyk achter har tichtlûkt en se de dokter wurdt. Sy komt noch wol aardich yn ’e buert by de frou dy’t se ea wie. En ynienen begrypt se ek wêrom’t Ate sa ôfstanlik is... it is har eigen skuld. Want wannear hat se de ôfrûne tiid no echt gesellich west? Se wurket trije dagen yn ’e wike, mar as se thús is, hat se it ek smoardrok. Mei Hanneke, mei de húshâlding en mei har stúdzje. Ate wurket alle dagen, mar springt by wêr’t er kin. Hy kin syn wurktiden ek better oanpasse en hy docht likefolle yn ’e húshâlding as sy. Hy itensiedt in pear kear yn ’e wike en hat it miskien noch wol drokker as sy, mar hy is lang sa strest net. Dêr komt by dat se net iens mei Hanneke om hoege te slepen, omdat op moandei har âlden de hiele dei oppasse op de Oerwinning en tongersdeis komme Bonnie en Peter. Dy beide dagen is alles altyd oan kant en stiet it iten klear, sadat se alle tiid hat foar Hanneke. Werklik alles

hawwe se op streken, mar wêrom fielt it dan sa gaoatysk? Se groetet alle kollega's yn 'e praktyk en nimt har foar om har no echt wat profesjoneler op te stellen, oars wurdt it neat. Har pasjinten hawwe rjocht op in dokter dy't yn balâns is en problemen oplosse kin ynstee fan se te betinken... earst mar in bak kofje, miskien helpt dat. Se nimt de kofje mei nei har behannelkeamer en ploft op 'e stoel del achter har buro. Se docht de kompjûter oan en sjocht koart de list mei pasjinten troch. De hiele dei is alwer hast folpland en der sitte in pear drege gefallen tusken. Se besiket de holle leech te meitsjen, sadat se har allinnich dwaande hâlde kin mei de pasjinten, mar Ate bliuwt har sa ôfstanlik oansjen. Se sil de tillefoan krije om him in leaf app'ke te stjoeren, mar se kin it ding net fine. Se klaut de hiele tas oer de harsens en op it lêst krypt se him leech op it buro. Se skoot it guod hastich oan 'e kant, sadat har brilllekoker it kofjekopke omstompt en de kofje op har skonken rint. Mei in lûde gjalp fljocht se mopperjend oerein nei de waskbak. Se hâldt de punt fan de handoek ûnder de kraan en dept de broek noch wieter, oant se tinkt dat de kofje derút is. Dan rommet se as de soademiter it buro op want de earste pasjint komt oer fiif minuten. De tillefoan leit wierskynlik noch thús, dus se kin net gau efkes in app'ke ferstjoere. Tiid om te beljen hat se net, dat se moat Ate jûn mar wer wat mear oandacht jaan. En tiid om dêr fierder oer nei te tinken hat se ek net, want der wurdt op 'e doar kloppe.

Se stroffelet hast oer har eigen fuotten as se oer de werf rint, rjochting de Oerwinning. Der is nimmen mear oan it wurk en se sjocht Ate ek net, hy sil wol thús wêze. Se is wat letter as oars, omdat har baas noch in pear dinkjes trochprate woe. Doe siet it har net sa op 'e rêch, mar no

wol. Se wol nei Hanneke, se hat har mist. Folle tiid om har te missen is der net op sa'n dei as hjoed, mar sa no en dan bekrûpt har in djippe needsaak om har dochter te sjen en te fielen. En se koe no ek net efkes tusken de bedriuwen troch foto's op har tillefoan besjen. Lokkich hat se noch in hiele moaie foto fan Hanneke op it buro stean. As se by de planke stiet, snúft se de rook op fan waarm iten en har mage begjint fuortendalik te ratteljen. Sadree't se yn 'e roef stiet, glidet de drokte fan de dei fan har skouders, oant se betinkt dat se ferjitten hat boadskippen te heljen en dat hast alles op is. Se baalt as in stekker, want se hie har echt foarnommen om nei it wurk efkes gau lâns de supermerk te riden. Mar se hat der werklik noait mear by stilstien, omdat se allinnich mar oan it bliere holtsje fan har dochter tocht. Hanneke is altyd sa bliid har wer te sjen nei sa'n dei, it is alle kearen wer hertferwaarmjend. No ja, miskien kin se jûn noch gau om boadskippen. Se goait har fest oer in stoel, de tas op 'e tafel en giet dan nei it rom. Joop sit by de tafel te krantlêzen, Connie stiet by it oanrjocht te itensieden, Ate sit op 'e bank mei de laptop en Hanneke is nearne.

'Wêr is Hanneke?' freget se besoarge.

'Hoi Johanna,' seit Connie op sa'n manier dat se de hint fuortendalik begrypt.

Se suchtet djip. 'Hoi mem, hoi heit, hoi Ate... mar wêr is Hanneke?'

'Die kleine pop kreech fanmiddach semar un bitsje koarts. Nyt se hooch hoar, want Joop het har temperatuer opnommen mar ik hew har wel un setpiltsje geven. Folgens oans het ut met har tandsjes te krijen, of har kieskes. Se het op tyd eten en ik hew har op bed bròcht.'

Johanna fljocht wer nei de roef en foarsichtich giet se it trepke del nei it achterûnder. Hanneke leit der fredich by

en hat yndied reade wankjes. Dat betsjut grif wer in nije tosk... en in minne perioade. Se soe Hanneke hiel graach efkes oankrûpe wolle, mar dat riskearret se mar net, en se giet wer nei it rom dêr't se neist Ate op 'e bank ploft.

'Drok hân, Johannes?'

Se knikt. 'Do ek?'

'Ja.'

'Wat ite we, mem?'

Connie draait har om mei de teedoek oer it skouder.

'Stimpstamp met rauwe andivy.'

'Hearlik!' Johanna leit de skonken op 'e tafel en lit har yn 'e kessens fan 'e bank sakje.

'Ik ha hjoed mar boadskippen helle,' seit Joop achter de krante wei. 'Der wie neat mear yn 'e kuolkast en ik ha it al mei Ate ferrekkene.'

'Super, heit!' Se laket en docht de tûme omheech. Dat skeelt har wer in rit, jûn. Se slút de eagen en hopet dat it iten gau klear is.

'Ik tink dat ik mar efkes kolve moat no't Hanneke sliapt, want der stiet nochal spanning op.' Se komt mei muoite oerein en krijt de kolf fan it oanrjocht.

'Sú'st dy tittebar nyt es dicht goaie? Hanneke is hast un jaar en eet al helemaal met de pot met. Wat un drukte, allemaal! En as ik de ferhalen in de kapsalon se hoar dan wurde se der oek nyt moaier fan. Ik had gyn melk, jou hewwe de fles kregen dus mynt binne altyd moai in model bleven, of nyt Joop.'

'No noch net, mem. Ik fyn it noch te moai en sa't it no giet, is it goed te dwaan. Ik jou har moarns in fieding en jûns om dizze tiid. Mar dat wit mem ek wol en salang't it goed giet, gean ik der mei troch.'

'Op sich is dat oek wel moai mar ut wurdt wel steeds un

freemder gesicht nou't Hanneke groater wurdt. In ut begin is ut noch wel skattich en se, mar ut mut oek gyn fertoeaning wurde... OF NYT JOOP!

'Huh... nee.' Joop docht hiel goed syn bêst om sa ynteressearre mooglik te sjen, mar hy hat gjin idee wêr't it oer giet. Johanna ken him langer as hjoed.

'Man, skerp dy op! Weest nyt eens waar we ut over hewwe! En gaan jou mar te melken Johanna. Hup! Pomp dy dingen leech, dan kanne we etc.'

Johanna rint skodholjend mei de kolf nei de roef en behindich pompt se in fleske fol. Se fernimt wol dat it sa stadichoan minder wurdt mei de molke, mar dat is net slim. As it ophâldt, dan is dat no ienkear sa en dan sil it ek wol de tiid wêze om te stopjen. Mar se wit seker dat se it hiel bot misse sil en dêrom wol se noch sa lang mooglik fan dizze perioade genietsje.

2

‘It iten wie hearlik, mem! Tige tank foar alles!’ Johanna rommet de tafel op, wylst Joop en Connie de jassen oandogge. ‘Graach deen en tot fòlgende week. Ik hoop dat dy lieve skat straks gyn koarts mear het. Kom Joop, we gaan. Ik mut fanavend noch knippe! Ik hew ut smoardruk op myn ouwe dach, want mòrren komme Friso en Willemijn wear.’

‘Hoe giet dat?’ freget Johanna.

‘Goed! Dat binne oek sukke lieve kynders! Mar dy hewwe wy thús dus as dy kleine meid dan slaapt, kan ik wel even knippe en dan is Joop bij Friso.’

‘Fynt heit it ek leuk? Al dy lytse bern?’

Joop laket fan ear ta ear. ‘Ja, prachtich! Mar Hanneke is dochs oars, dat is ús eigen.’

Der falt in beladen stilte en Connie har eagen ferriede dat se it noch net hielendal in plakje jûn hat.

‘Moai!’ seit Johanna úteinlik mar, want wat moat se oars sizze. It is no ienkear sa’t it is. As Hanneke letter âld en wiis genôch is, sil se de wierheid ek wol witte moatte. Dochts kin se har net in bettere pake en beppe winskje as Joop en Connie, mar Peter en Bonnie binne ek gek op har. Se bedjerre it bern yn ’e grûn mei kadootsjes.

‘Tot kykes, Ate!’

‘Ja, tige tank en oant nije wike!’ Ate komt oerein en slacht in earm om Johanna hinne.

‘Sille we jûn in film sjen op Netflix?’

‘Dat soe wol kinne,’ seit se. ‘Dan hoopje ik al dat Hanneke trochsliapt. Kinste net efkes gau by har sjen?’

‘Jawol.’ Hy giet nei it achterûnder wylst Johanna begjint mei de ôfwask. Dat is de ôfspraak... Connie makket it iten klear en sy waskje sels ôf.

‘Moatst ris sjen wa’t we hjir hawwe.’

Se draait har om en Ate stiet achter har mei Hanneke op ’e earm. Se hat noch altyd hiele reade wankjes.

Johanna lit alles wat se yn ’e hannen hat falle en rint mei útstutsen earms nei har dochter.

‘Leave skat, docht it sa sear?’ Se krijt Hanneke oer fan Ate en giet mei har op ’e bank sitten. Se drukt it waarme lyfke stiif tsjin har oan en slút tefreden de eagen. Ate giet neist harren sitten en leit de rêch fan syn hân tsjin it wankje fan syn dochter.

‘Tsja... ik tink net dat se noch hiel bot koarts hat, mar echt fit is se ek net. En no is se ek wer út it ritme, want de kâns is grut dat se anst net wer op bêd wol.’

‘Sille we in ein te rinnen? It is net sa waarm, mar wol drûch. Ik ha de hiele dei binnen sitten en yn ’e buggy jout se har wol del.’

‘Dat liket my in goed plan ta, Johannes. Efkes yn ’e frisse lucht, dat sil Hanneke ek goeddwaan.’

It is simmer, mar sa fielt it net. De winterjas kin noch hieltyd oan en der waait in kâlde wyn. Johanna dûkt djip yn har kraach en heakket de earm yn by Ate.

Se rinne lâns it kanaal mar it wetter hat wol wat in oare betsjutting foar Johanna krigen no’t se mem is. Want se moat der altyd ôfgrysluk goed om tinke dat se Hanneke net falle lit en dat de buggy net neist de planke giet en omkrypt. No hawwe se bêst in brede planke by de Oerwinning lizzen en de boat leit ticht tsjin de wâl oan. Der kin eins neat slimms barre, mar dochs is it wol in gehannes sa no en dan. Foaral mei boadskippen is it in gedoch, mar it slimste is de eangst dat se Hanneke falle lit of stroffelet oer it steile trepke dat nei de roef giet.

‘Wêr tinkst oan?’ Ate sjocht har freegjend oan. Se wit eins

net oft se dit wol tsjin him sizze moat, want se wol net seure. Mar dochts... as se earlik is, soe se no leaver yn in hûs wenje wolle. Wol oan it wetter, mar dan mei in stek om 'e tún. En in oprit foar de garaazje, sadat se net mear hoecht te tûgjen mei it guod. It libben is sa oars wurden! De frijheid sa't se dy altyd ûnderfûn hat op de Oerwinning is feroare yn in foarm fan beheining. Se dogge amper mear leuke dingen tegearre, omdat der altyd ien oppasse moat. Se kinne allinnich tegearre op paad as Roos der is, mar dy kin njoggen fan de tsien kear ek net oppasse, omdat se it te drok hat mei Joost en syn bern. Foardat Hanneke der wie, giene se jûns wol gauris te silen of te farren. Hiene se neat yn 'e hûs, dan giene se út te iten en as se hurddrave woe, dan koe dat ek. Dat is allegear oars wurden en sa no en dan bekrûpt har it gefoel dat de Oerwinning wol in finzenis liket.

'Johannes! Do bist sa ôfwêzich de lêste tiid... sis no ris wat der yn dy omgiet.' Ate suchtet djip en dat sjit har fuortendalik yn it ferkearde kielsgat. Hy fynt har yrritant, dat hat se wol yn 'e gaten, en miskien is se dat ek wol. Ek al hat se it idee dat se hiel goed har bêst docht om alles yn goede banen te lieden, it falt har dochts hiel bot fan harsels ôf dat se net wat fleksibeler is. Se hawwe mar ien bern, en ek noch in hiel leaf bern. De frou dy't de praktyk skjinmakket hat der wol fiif! En dy hat dêr sa te sjen totaal gjin muoite mei, se is altyd like fleurich en flink as wat. Hokker rjocht hat sy dan om te seuren?

'Asto net prate wolst, prima. Mar gesellich is oars!' Hy sjocht har fel oan en se knypt de eagen heal ticht.

'Wêrom sjochst no sa grimmitich nei my?'

'Ik sjoch net grimmitich,' seit se koartôf.

'Jawol. En dat is net de earste kear. Dêrom soe ik ek graach wolle datst ris tsjin my praatst... of noch leaver, MEI my

praatst. Ik ha it idee dat ik hielendal gjin kontakt mear mei dy ha. Ik begryp bêst dat it krijen fan in bern it libben ûntwrichtsje kin en dat je it as frou dreech hawwe mei de hormoanen, mar Hanneke is hast in jier en do wurdst hieltyd stiller.'

Hy bliuwt stilstean en krijt har by de earm. 'Praat, Johannes. Asjeblyft, praat mei my!'

'Ik wit net wat ik sizze moat,' seit se sacht.

'Ik wit seker dat der fan alles yn dy omgiet, kinst dochs gewoan sizze wat dat is?'

Se skodhollet. 'Nee, sa maklik is dat net.'

'Hoesa net?'

Se lûkt oan 'e skouders.

Ate suchtet wer djip en lit de holle hingje. 'Ik fyn dyn ûnferskillichheid noch wol it slimste fan alles.'

Unferskillichheid?! Der bekrûpt har in aaklik gefoel. Se is dochs net ûnferskillich? Se is ûnseker en teloarsteld yn harsels en dêr wol se him net mei lêstich falle, dat is hiel wat oars.

'Dat is echt in kloate-opmerking, Ate! Dat fertsjinje ik net!'

'En ik fertsjinje it net datst my sa bûtenslútst. Hanneke is likegoed fan my en do bist myn frou. Ik wol no witte wat der spilet! Bist net mear lokkich mei my, is dat it?'

Se besiket it brok yn har kiel troch te slokken, mar dêr is gjin romte foar. No tinkt er alwer eat dat absolút net wier is. De triennen rûgelje oer har wangen en se draait de holle om.

Ate draait de buggy om en triuwt him wer foarút, rjochting de Oerwinning. Se is dêr net rouwich om en rint in pear meter achter him oan. It liket wol oft alle yntimiteit dy't der ea west hat tusken harren, ferdwûn is. Oplost yn it neat. It is ek al skoften lyn dat se mei elkoar frijd hawwe, se wit net iens mear hoelang lyn, wylst se dochs wol nei him langet. Se

hat, benammen op it wurk, bêst faak mominten dat se oan him tinkt en waarm yn it liif wurdt. Mar as se dan thús komt yn alle drokte, dan ferdwynt dat gefoel ek samar wer en foardat se it wit leit se op 'e bank te sliepen. De dagen dat se thús is, steane de hiele dei yn it teken fan Hanneke en har stúdzje en dan hat se de ein jûns noch mear yn 'e bek. It is hiel ferfoljend om foar Hanneke te soargjen, mar ek hiel statysk, want dan sit se dus op dy boat... te sitten. Alles draait om it ritme fan it bern. Sa let ite, sa let op bêd, en as je dêrfan ôfwike is alles yn 'e hobbel. De oare trije R's, fan 'rust, reinheid en regelmaat', binne ek hiel wichtich en se hat wat dat oanbelanget alles wol op streken, mar dy R, fan har eigen ritme, is se folslein kwyt.

Har tillefoan giet oer, it is Joop. Dat is wol apart want hy bellet nooit. Soe der wat mei har mem wêze?

'Ja, heit. Mei my.'

'Sis Johanna...' begjint er wiveljend. 'Miskien in rare fraach, mar giet it wol goed mei dy? Mem en ik hiene it der niis oer op 'e weromreis mar we fine dy net sa fleurich en meitsje ús soargen. Neffens mem makkesty fierste drok en dat gefoel ha ik ek.'

'Geef hier dat ding! Johanna? Dyn fader draait se as gewoanlek wear om 'e hite brij heen mar wy fine datstwy wear es wat opskerpe must. Hest ut nyt eens mear foar de geest om boadskappen te halen! Dat kan toch se nyt langer?'

'Connie! Ik wie mei har oan it beljen!'

'Kan my niks skele, ik kan ut beter opsêge as jou. Jou binne feul te sosjaal en nou opsoute! Johanna!'

'Ja, mem!'

'Jou mutte de boel es waaie late en je es un kear besúpe of se. Naken op 'e tafel danse en un dach útslope! Daar knapt un mins fan op want se kan ut nyt langer. Ut kan nyt se weze

dat je leven ophoudt as je un kyn kregen hewwe. En geef Ate es wat mear aandacht, dy man sit der oek mar foar spek en boanen bij! Ik loop hier al tiden met om mar ut hoge woord is der eindelek út! En nou sal ik wear knippe, de groëten!’

3

Ate set de buggy yn it hokje en rint mei in sliepende Hanneke op 'e earm oer de planke. Johanna sjokt der moedeleas achteroan. Se hat it idee dat dit alwer net in gesellige jûn wurdt en it petear oer de tillefoan mei har mem sit har ek dwers. It sil wol goed bedoeld wêze mar as Connie net it fatsoen opbringe kin om op in normale manier mei har te praten dan smoart se der mar yn. Alles sit op 't heden tsjin, sels har âlden binne net mei har begien.

Se sjocht oer it wetter. It is ein juny en stjerrende kâld. Der is net in boat op it wetter of in ein yn 'e feart. De natuer is ek fan slach troch dizze temperatueren, alles komt te stadich op gong. Se fielt ek amper mear in ferbining mei it wetter en de wyn, mar dat komt omdat it wetter har no faak eangst jout, en as it te hurd waait, is it te kâld foar Hanneke. Oan dek fan de Oerwinning is hielendal gjin romte foar in lyts famke om te boartsjen en op 'e wâl eins ek net. Se soe no it leafste yn in hûs wenje wolle mei iepenslaande keukendoarren en in tún. En se wol graach in hûn. Dat liket har sa leuk ta, en miskien ek wol in kat. In bern moat eins al mei bisten opgroei, dat is goed foar de ûntwikkeling en goed foar de sûnens. Se fielt oan alles yn har liif dat se dat echt wol en Ate hat gelyk dat se mei him prate moat. Miskien fynt er it wol in hiel goed idee en dan hat se har drok makke om neat. Fêstberet rint se de roef yn. Se goait de jas oer in stoel en betinkt dat se ek in grutte kapstok ha wol yn dat hûs, mei in skuonnerekje. Se wriuwt de hannen waarm en giet nei it rom. Hanneke leit op 'e bank en Ate sit neist har.

'Ik wol yn in hûs wenje,' seit se planút. 'Ik fiel my net mear goed op de Oerwinning no't Hanneke der is en ik soe graach wat mear romte en gemak ha wolle. In tún, in hûn,

in bykeuken mei in grutte kapstok, iepenslaande doarren yn de keuken en it leafste oan it wetter.’

‘Dan hiest better by Joost bliuwe kinnen,’ seit Ate drûch. ‘Neffens my hast presys sa’n hûs hân en fûnst it doe freeslik.’ Se hat it gefoel dat de boaiem fan de Oerwinning ûnder har fuotten ferdwynt en dat se fersûpt yn it kâlde donkere wetter. Dizze opmerking docht sa sear, se slokt in pear kear mar kin net in wjerwurd fine.

‘Sille we wat iten foar har meitsje en dan besykje har wer op bêd te bringen?’ seit er, as is der neat bard.

Se kin noch net in wurd útbringe en se kin har ek net bewege. Ate suchtet djip en komt oerein. ‘Wolsto dan efkes neist har sitte? Dan meitsje ik it iten wol klear.’ Hy rint by har del en se stiet der noch hieltyd as beferzen by. Hy sei dat se prate moast... en dan is dit syn antwurd?

‘Asto tinkst dat it leuk is om my sa’n antwurd te jaan wylst ik sis wat my dwaande hâldt, dan wit ik wol genôch. Ik ha myn nocht op dizze boat. Ik fyn it gjin feilige omjouwing foar in bern en wol yn in hûs wenje!’

Hy draait him om, mar seit fierder neat. Hy skept it waarme iten út it stâlpantsje yn in skaaltsje en dat set er op de tafel del. Dan krijt er Hanneke fan de bank en giet mei har by de tafel sitten. Wylst it famke by him op skoat sit, fuorret er har it opwaarme prakje stampot dat Connie makke hat.

Johanna giet op ’e bank lizzen en docht de eagen ticht. Se fielt har leech en allinnich.

Ate bringt Hanneke nei it iten op bêd. Hy rint noch efkes by har lâns sadat se har in tút jaan kin en as er it rom út is, docht se de tillefyzje oan. Se zappt wat hinne en wer mar der is neat leuks foar, dat se docht de tillefyzje ek mar wer út. Neist de bank leit in boek dêr’t se ris oan begûn is mar net trochhinne komme koe. Se krijt it en besiket derachter

te kommen wêr't se ek alwer wie. Se lit de eagen flechtich oer de siden glydzje mar se hat werklik gjin idee mear wêr't it ek alwer oer gong en wa't al dy minsken binne. Se klapt it boek wer ticht en smyt it op 'e grûn. It bêste soe wêze om ek mar op bêd te gean en ris in goede nacht troch te sliepen. Se komt oerein en by de doar botst se by Ate op. Hy leit de hân op har boarst en triuwt har rûch werom, sadat se wer op 'e bank falt.

'Sa!' seit er. 'En no sil ik ris wat sizze!' Hy krijt in stoel by de tafel wei en giet tsjin har oer sitten.

'Ik ha wol yn 'e gaten datst net lokkich bist en dêrom woe ik graach datst ris mei my prate soest. En dan komst fanút it neat mei it feit datst ferhúzje wolst! Hast alles al regele, fan 'e kapstok oant de hûn ta en ik wit ferdomme hielendal fan neat! Is soks net wat om mei ús beiden te besluten? Ik wol yn in hûs wenje...' praat er har nei. 'Ik wol dit, ik wol dat... is der ek noch in "wy"? Betsjut ik ek noch wat foar dy?'

Se rjochtet de rêch en giet yn 'e oanfal. 'Net asto sokke dingen tsjin my seist as niis! Ik wol noait wer yn sa'n grut en kil hûs wenje as doe mei Joost!' Har eagen sjitte fjoer en se stoot oerein omdat se net wol dat hy har triennen sjocht.

'Wat ik niis sei... no ja, dat skeat der samar út omdat ik ynienen mei dat ferhaal oer ferhúzjen konfrontearre waard sûnder datst wat mei my oerlein hast! Mar dat ha 'k niis al sein! En ik soe graach wolle datst MEI my praatst ynstee fan tsjin my! Ik bin net bûn oan dizze boat en asto sa graach ferhúzje wolst dan fyn ik dat prima, mar we binne tegearre yn dizze relaasje... mei ús trijen noch wol! En sjoch my no in kear oan as ik wat sis! Ferdomme noch oan ta, ik praat dochs net tsjin in muorre wol?' Ate smyt de stoel oan 'e kant en rint nei har ta. Hy draait har om en dikke triennen rinne har oer de wangen.

‘Ik wit net mear wat ik dwaan of sizze moat om it dy nei it sin te meitsjen, Johannes. Ik doch myn bêst mar it is betiden krekt as ken ik dy net mear.’

‘Dat soe hiel goed kinne,’ ropt se lûd, ‘want ik ha sels al hielendal gjin idee mear wa’t ik bin! Ik bin in frjemd yn myn eigen liif en ik begryp der hielendal neat fan! Ik ha sa myn nocht om hjir altyd mar op dy boat te sitten! Ik ha myn nocht fan dit rotwaar en ik wol gewoan wer lokkich wêze! Ik wit hielendal net mear wa’t ik bin, wat ik moat of wat ik wol. Ik pankoekje al skoften om mei allegear dingen dy’t ik net sis omdat ik dy net teloarstelle wol en omdat ik hoopje dat it wol wer oergiet! Oer in pear wiken moatte we skûtsjesile, mar ik ha der hielendal gjin nocht oan! Hearst dat, Ate Kamstra? It leafste gean ik in wike nei it Amelân of sa. Gewoan lekker rêstich... bytsje omhingje, rinne, fytse en gjin drokte. Ik ha der hielendal gjin ferlet fan om de hiele wike mei al dy minsken op ’en paad te gean en de hiele dei derom te tinken oft it wol goed giet mei Hanneke mei it oerstappen en sa. It griist my oan om har achter te litten by ús âlden en sa gesellich binne wy no ek wer net! Dat hawwe de oaren ek wol yn ’e gaten, hear! We hawwe al skoften net mei elkoar frijd... ik begryp net hoe’t al dy oare minsken mei bern dat hawwe. Ik bin sa teloarsteld yn mysels!’ Opnij rôlje dikke triennen oer har wangen en snokkerjend praat se fierder.

‘Sa lang as wy skûtsjesile, binne der allegear minsken op it wetter mei bern en dy rêde harren ek. Ik hie net fan mysels tocht dat ik sa’n oerbsoarge mem wêze soe, mar ik bin it al! Ik ha my altyd sa thús field op it wetter, mar ik ha no allegear eangsten krigen dy’t ik oars noait hie en it liket allinnich mar slimmer te wurden. En ik bin ek bang dat ik dy tekoart doch. Wat moatst no mei in frou dy’t jûns al op ’e bank yn sliep falt en noait mear fleurich is? Dêr kinst dochs hielendal neat mei?’